

Doarpskrante Jistrum - Skûlenboarch  
Jiergong 44 nûmer 8 Oantal 450



## YNHÂLD

Fan de redaksje	2
Nijs fan út doarpsbelang	4
Snackbar de Jister	6
Fakânsje fiere mei in lytse beurs	8
Yn de pen	14
't Bokje	16
De boekenplank	18
Oksecolumn	19
Joost Wiersma	22
Jeugdsoos de Okse	24
Poppenijs	28
De Greide	32
Huisartsenpraktijk Wiersma	34
Agenda	35

## KOLOFON

**Doarpskrante**  
Jistrum - Skûlenboarch

**Ponghâldster**  
Geppie Bergsma  
Joost Wiersmaweg 23

**Banknûmer (IBAN)**  
**NL90RABO034.98.53.088**  
Op naam van  
Dorpskrant Eestrum Jistrum

**E-mail:**  
oksenijs@gmail.com  
(Teksten toevoegen als Word-bestand)

### Redaksje

Geppie Bergsma	tel 471 536
Hielke Peursum	tel. 472 138
Djoke van der Veen	tel. 356 619
Wilma van der Sluis	tel. 843 926

### Opmakke troch

Jenny Visser 0628675735

### Ôfdrukt troch

Van der Let, Burgum

### Besoarging


Wiebe de Vries tel. 844 432

Uiterste kopijdatum:

**14 Oktober**

Inleveren bij:  
Jenny Visser Tillewei 15  
of mail naar:  
oksenijs@gmail.com

De tekst als 'Word-bestand'.  
Grafische bestanden los als BIJLAGE toevoegen aan  
de mail,  **dus niet in Word document plaatsen!!**  
Voor vragen over bijlagen kunt u contact opnemen  
met de opmaker. (0628675735)



## Fan de redaksje

### Voorwoord

Na een prachtige zomer met volop gelegenheid te genieten van de zwemvoorziening Blauwhoek is de herfst aan de beurt. Het moment van de redactie om de draad weer op te pakken en weer een mooie krant te maken. Volgens ons is dat goed gelukt. We kijken terug op de vakantieperiode en kijken alvast vooruit naar alle activiteiten die dit najaar en deze winter plaats zullen vinden in Jistrum. Uiteraard hebben we aandacht voor de verenigingen die weer zijn opgestart.

Wat dan opvalt is het aantal inwoners van Jistrum dat zich vrijwillig inzet. Van het schoonhouden van de zandwinlocatie in Skûlenboarch of de wegen in en rondom Jistrum tot het verzorgen van een training bij een sportvereniging of het in elkaar zetten van de dorpskrant. Volgens ons is dat de kracht van een klein dorpje. Mooi dat het kan en belangrijk dat het gebeurt. Daar mogen we als dorp trots op zijn.

De redactie doet graag een beroep op alle verenigingen en organisaties om kopij voor onze dorpskrant aan te leveren. Daarmee kunnen we laten zien wat er in het dorp gebeurt en kunnen we even stil staan bij de inzet die wordt geleverd.

In de volgende editie van de dorpskrant besteden we aandacht aan de enveloppenactie. We kondigen het nu al vast aan, want dan kunt u vast gaan sparen.

Voor nu veel leesplezier!

De redactie



Bankje mei (fiersicht ) oer de Broek  
oan de ein fan de marwei.  
Sa sjogge jo noch ris wat oer de  
fjilden

Troch: Hein Posthumus

Wat net goed derom tinke fan ien, 'n hiel soad wurk en argewaasje opsmyt.

'n Skipper farde yn 't Prinsesse Margryt kanaal. Seach de brêge fan Skûlenboarch oer de holle: Gefolch: oer de brêge is gjin ferkear mear mooglik en moatst hast 6 km omride om yn Eastermar te kommen.

Dan tinkst: Efkes reparearje en foarinoarren. Nee, dus! Nei 't de brêge 'n skoftsje stikken wie, tocht ynienen ien: 'n Moai plakje foar de flearmûzen. Dat, dêr folge 'n ûndersyk! 't Die bliken, dat dat net sa wie. Om te foarkommen, dat it wol barre soe, waard de brêge mei plastyk ynpakt. 't Like krekt 'n keunstobjekt fan 'e bekende keunstner Christo. No is de brêge ophelle, sadat er earne oars repararre wurde kin. As alles mei sit, leit er foar de Krystdagen wer te plak.

Troch: Jan van der Heide



 PKN JISTRUM FERBINING

*Een Parel*  
in Gods hand

Dick van der Zwaag  
Houtbewerking met een verhaal

**6 OKTOBER**  
Start om 10:00  
Inloop vanaf 09:30

Na afloop samen lunchen met  
een Predikanter Soep. Neem je  
je eigen broodje mee?

 Markant



## Nijs fanút doarpsbelang

We hopen dat iedereen een mooie zomer heeft gehad. Het weer was in elk geval prachtig!

We staan nu weer aan het begin van een nieuwe periode. Waarin de brug bij Skûlenboarch eindelijk weer teruggeplaatst zal worden. Waar weer verder gebouwd zal worden aan het MFA. Waar wij ons als bestuur opnieuw in gaan zetten voor woningbouw. Er zijn mogelijkheden. Wij zijn van mening dat de gemeente hierin nu echt stappen kan gaan zetten.

### Update werkzaamheden brug Skûlenboarch

In opdracht van Rijkswaterstaat heeft de Combinatie Heijmans - Swarco HLD op dinsdag 9 juli het beweegbare gedeelte van de brug Schuilenburg op een ponton geladen en afgevoerd voor herstelwerkzaamheden op een werf. Deze herstelwerkzaamheden zijn momenteel in volle gang.

Tijdens de periode dat de brug niet aanwezig is, maakt men gebruik van de ruimte om diverse herstel- en upgradewerkzaamheden uit te voeren.

De volgende werkzaamheden zullen worden uitgevoerd:

- Herstellen van het remmings- en geleidewerk
- Betonreparatie hoofdconstructie
- Onderhouden en vernieuwen hemelwaterafvoer
- Vernieuwen van de leuning
- Aanbrengen slijtlaag en rode slijtlaag ten behoeve van fietssuggestiestrook
- Diverse herstelwerkzaamheden op het middeneiland

Er kan geen precieze planning worden gegeven voor de werkzaamheden omdat men bij het uitvoeren van de werkzaamheden onder andere afhankelijk is van het weer.

De werkzaamheden zullen plaatsvinden in de periode van september tot eind november.

### Herhaalde oproep: Wie bedenkt een naam voor het MFA?

De bouw van het MFA vordert, de contouren worden steeds meer zichtbaar, de bouw ligt op schema. Hoogste tijd om alvast na te denken over een naam voor het MFA. Heeft u een idee? Stuur de naam dan in via [dorpsbelang@jistrum.nl](mailto:dorpsbelang@jistrum.nl). De bedenker van de uiteindelijke naam van het MFA wint hiermee een leuke prijs! Er zijn al hele mooie namen ingeleverd!

### Simmerteam

De taak van het Simmerteam zit er weer op. De vrijwilligers hebben ook deze zomer weer een 'oogje in het zeil' gehouden. Blauwhoek lag er keurig bij. Simmerteam bedankt!



**Meedenkers gezocht voor zonnepark!**

Bij elektriciteitscentrale Burgum wordt 'zonnepark Stoppelsoal' ontwikkeld. Het park zal voor 25 hectare uit panelen bestaan. Daarnaast is 9 hectare gereserveerd voor natuur, recreatie en educatie. Jistrum kan, naast Burgum, ook inkomsten genereren uit het park. We zoeken mensen die willen meedenken en meebeslissen over het park!

Heeft u interesse, neem dan contact op met dorpsbelang Jistrum Skûlenboarch. [dorpsbelang@jistrum.nl](mailto:dorpsbelang@jistrum.nl)

---

# Spokentocht Jistrum 2024



Noteer alvast in je agenda!!

**ZATERDAG 12 OKTOBER 2024**

**Opgave vóór 8 oktober en alléén via whatsapp bij:**

Beitske van Zwol 06 48258203

*Graag naam + groepsgrootte + eventuele begeleider doorgeven*

**GOED OM TE WETEN**

**Datum:** Avond/nacht van zaterdag 12 oktober

**Groepsgrootte:** 6 tot 8 personen per groep

**Startlocatie:** Jeugdsoos de Okse

**Starttijd:** Krijg je van te voren via whatsapp

**Leeftijd:** vanaf 12 jaar, tot 16 jaar onder begeleiding van een volwassene  
(groepen dienen zelf voor begeleiding te zorgen)

**Kosten (incl consumptie):** €7,50 pp (contant meenemen)

**Deelname is op eigen risico.**

*Volg ons ook via instagram en facebook  
facebook & instagram: @spokentochtjistrum*

## 👉 Beste Jistrumers opgelet! 👈

Met veel enthousiasme willen we jullie mededelen dat de heropening van ons compleet verbouwde en vernieuwde snackbar er aan komt! Sla ons telefoonnummer alvast even op in je telefoon, zodat jullie ons goed kunnen bereiken als het zo ver is:

☎ **0512 – 785 741**

Na een jaar hard werken zijn wij bijna klaar om jullie te verwelkomen in een frisse, moderne en gezellige snackbar. Ons enthousiaste team is er klaar voor, Wij kunnen niet wachten om te gaan beginnen! Houd de komende tijd uw brievenbus en onze social media in de gaten voor meer informatie over de opening en onze menukaart. Wij willen er een feestelijke dag van maken met een leuke verrassing 😊

🕒 Onze (voorlopige) openingstijden:

- *Donderdag van 16:00 tot 21:00 uur*
- *Vrijdag van 11:00 tot 21:00 uur*
- *Zaterdag van 16:00 tot 21:00 uur*
- *Zondag van 16:00 tot 21:00 uur*

Wij kunnen niet wachten om jullie te mogen ontvangen in onze snackbar!

Hartelijke groeten, Team Snackbar **De Jister** 👍

☎ 0512 – 785 741

🌐 [www.snackbardejister.nl](http://www.snackbardejister.nl)

📘 Facebook: Snackbar de Jister

📷 Instagram: @de\_jister





Verhuur van geluid, licht, projectie en camera.

Voor meer informatie kijk op onze website.  
**www.wdverhuur.nl**

**SHOWROOM**

Een ruim aanbod van diverse merken motoren.

**REPARATIE / WERKPLAATS**

Voor onderhoudsbeurten, banden vervangen, opbouwen van accessoires, schadeherstel, revisie en overige services.




De Friese Motorfiets

- ✓ GOEDE SERVICE
- ✓ DUIDELIJKE COMMUNICATIE
- ✓ SCHERPE PRIJZEN
- ✓ PROFESSIONEEL MATERIAAL

Conradi-Veenlandstraat 102  
9104BN Damwâld

**VERKOOP:** +31(0)6 51 93 42 93  
**WERKPLAATS:** +31(0)6 18 77 08 31

info@defriesemotorfiets.nl  
**WWW.DEFRIESEMOTORFIETS.NL**



Joost Wiersmaweg 5  
9258 CC Jistrum

**Gebr. R. D. & T. Veenstra**

**VERHUUR VAN BEDRIJFSPANDEN**

Tel.: 0512-471225  
Fax: 0512-471500



Auto, Motor en Aanhangwagen (BE)



\* ook voor les op automatisch en caravantraining

Rijbewijs halen?



[www.rijschoolhendrik.nl](http://www.rijschoolhendrik.nl)

# Fakânsje fiere mei in lytse beurs

Troch: Hielke Peursum

Earmoed is fan alle tiden. Nederlân is in tierich lân, mar spitigernôch is der in keppel lânsmannen dy't dêr net optimaal fan profitearret. Der binne noch hieltyd in soad minsken dy muoite hawwe run te kommen. En dy groep wurdt de kommende jierren grutter. Yn fakansjetiid wurdt de spjalt tusken earm en ryk somtiden pynlik sichtber. Sa ek yn de gemeente Tytsjerksteradiel.

## Earmoed yn Tytsjerksteradiel

Fryslân is op Grins nei de provinsje mei trochsneed it leechste ynkommen per húshâlding (1). It oantal minsken dat yn earmoed libbet is yn Tytsjerksteradiel wol minder as yn oare gemeenten yn de provinsje (2). Dit heart geunstich, mar spitigernôch hawwe de ynwenners fan it doarp Jistrum yn de gemeente it minst te besteegjen (3).

Sa'n 6% fan de Jistrumers moat libje fan in ynkommen op of om it sosjaal minimum. Dat binne likernôch 35 persoanen. It giet dan om de ynwenners yn de bebouwde kom. De doarpsgenoaten yn de bûtengebieten hawwe wer wat mear te besteegjen (2). As dizze persoanen ek meirekkene wurde komt it oantal op likernôch 56.

Dit binne alarmearende sifers en it sjocht der foar de takomst net geunstich út. It oantal earmen minsken en minsken mei skulden sil de kommende jierren tanimme (4).

Libje yn earmoed betsjut mear as it net hawwen fan jild. Earmoed betsjut faak stress, skamte, iensumheid en depresjes. Langduorjende earmoed en grutte sosjale ûngelykheid binnen ús maatskippij kin liede ta mear maatskiplike ûnfrede en ûnbetrousumens yn ynstitútjes, lykas de oerheid (5). It is dus wichtich dat minsken mei in lytse beurs der efkes út kinne en fakânsje fiere kinne. Mar dat giet fansels in stik dreger mei mar in lyts bytsje jild.

## Fakânsje fiere mei in lytse beurs

It ferskil tusken earm en ryk wurdt yn fakânsjetiid dúdlik sichtber. Guon minsken ûndernimme mei it hiele gesin in fersoarge rânreis nei Thailand, wylst minsken mei in lytse beurs mei moai waar in plakje by de Burgumermar opsykje. Jild om op fakânsje te gean is der net, lit stean in djoere flean-fakânsje nei in tropyske bestimming.

Dochs binne der aktiviteiten yn de buert fan Jistrum dy gjin jild kostje. Sa koene kultuerleafhawwers dizze simmer yn it ramt fan 'Tsjerkepaad' in besite bringe oan de âlde Sint Petrus tsjerke yn Jistrum of de 'Jistorische rûte' troch it doarp rinne. Muzykleafhawwers koene nei it strjitfestival 'Easterbarren' in Eastermar (wol efkes omfytsen), mar de grutste fergese toeristyske attraksje is dochs de Burgumermar. Dêr binne genôch plakjes wêrsto fergees genietsje kinst fan it bjusterbaarlike útsicht en in praktysk ynrjochte swimplak. By it útsicht oer de mar hearre ek de grutte lúkse jachten fan lânsmannen dy't wat mear te besteegjen hawwe.

In oar foarbyld is it Skútjesillen. In prachtich sport- en folklore evenemint dat fergees tagonklik is. Fanút Jistrum is Earnewald it tichtste by om nei ta te gean en op de fyts noch krekt te dwaan. It evenemint is populêr by jong en âld, earm en ryk. In stoel en in kanne kofje mei en lekker op de dyk sjen nei it skouspul fan prachtige âlde sylboaten. De grutte silen jouwe in imposante oانبlik, benammen by in stevige wyn en in spannende striid.

Dit jier wie der net folle wyn by de race yn Earnewald. Mar dan noch is it de muoite wurdich om op de dyk lâns de Lange Sleatten te sjen nei de machtige skútjes dy statich foarby tredje. Nettsjinste-



ande de geringe wyn wurdt der op de skippen hurd wurke en somtiden mei de nedige krêfttermen oanwizings jûn. Bygelyks oan de taskôgers op de stegers om te dûken en de skonken yn te lûken by in passearjend skutsje.

Op it oansicht is der ûnder de taskôgers gjin ûnderskied yn earm en ryk, mar dat is der fansels wol. Dat wurdt pynlik dúdlik as de boaten út it sicht ferdwine rjochting Sânemar. De echte leafhawwers wolle de skippen sa lang mooglik folgje. Oan it begjin fan de Lange Sleatten stean fakânsjewenningen en lizze lúkse wenboaten omjûn troch hege hagen. In soad taskôgers besochten in glimp fan it ferfolch fan de wedstriid op te fangen troch oer de hagen te sjen. Dat is net ienfâdich. In inkeeling brûkte in krukje as help. Efter in eigenwillige hage jout de eigner fan in prachtige wenboat gjin oandacht oan de ongelokkige glûpers. Hy stie yn in reade koarte broek, kaki shirt op O'Neill slippers yn de kreas ûnderhâlden tún mei koart meand gers de byfstik op de enoarme barbecue te bestudearjen. De jongfeint dy foar it itensieden ynhierd is, draaide it begearde stik fleis handich om. It wie in bysûnder skouspul en in grut kontrast tusken de bedielde en minder bedielde evenminske.

Ferskil mei der wêze, mar de spjalt tusken ryk en earm wurdt somtiden yn it deistich libben op in pynlike wize dúdlik makke. Fierder waard de wedstriid yn Earnewald foar de eagen fan alle taskôgers wûn troch Willem Uzn Zwaga (Ljouwert).

1. Planbureau Fryslân
2. Rekenkameronderzoek 2023
3. Allecijfers.nl
4. CBS
5. College voor de rechten van de mens



## De brouwer fan Roesbrugge

Sûnt in jier as wat meitsje ik, tegearre mei ús âldste soan Hendrik, yn de simmer in motortripke fan in dei as wat. Nei twa kear Dútslân wie it reisdoel dit jier België, om krekt te wêzen Ieper. Ieper is in bysûnder plak om't yn dy kontreien de 1<sup>e</sup> Wrâld Oarloch útfochten is. Se neame it dêr, yn de Westhoek, de Grote Oorlog. Hûnderttûzenen soldaten binne dêr omkaam yn de loopgraven. Noch alle dagen hâlde se jûns om acht oere in koarte betinking yn de Menerpoarte en wurdt the Last Post blazen. Dat al sûnt 1928. Seker yn de simmerperiode komme der hûnderten minsken út benammen ek Ingelân. We hawwe der twa kear by west en dat makke wol yndruk. Mar it ferhaal dat ik fertelle wol die him foar oan de Ijzer, in rivierke dat eartiids in libbensader wie mar hjoed oan de dei net mear is as in kanorûte, alteast op it plak dêr't wy him oerstutsen. En dat wie yn Roesbrugge, in kilometer as 8 fan de Frânske grins. De hinnereis wiene wy trochriden mar doe't we letter wer op datselde plak kamen, wie it tiid foar kofje, sa hiene wy ornearre. De motors setten we flak by de brêge op in gaadlik plakje en we kuiere efkes wat om. It wie moai waar en we woene de waarme helms wol efkes ôf hawwe. Om't we sin oan kofje hiene, gingen we nei in moai restaurearre pân flak by de brêge." De Gouden Arend", stie op de gevel. We gingen binnen sitten want de sinne baarnde nochal wat op it terras. In freonlike jongeman kaam by ús en skonk ús in lekker bakje kofje. In stikje taart of soksawat koe hy ús net biede want it wie eins in brouwerij, en gjin ytkafee, sa sei er. Hy frege wêr't wy wei kamen en wie ferheard doe't wy, yn ús bêste Flaamsk 'uit Friesland' seine. 'Maar dan spreken jullie ook Fries; zeg eens wat in het Fries' No, dat slagge ús wol en de man hie wakker niget oan ús taal en komôf. 'Maar ik hoor alleen een brij van woorden en versta er niks van' sei er. Wy laken mar joegen earlik ta dat wy, as hja Flaamsk praten mei harren Westhoeks aksint, der ek net folle fan meitsje koene. Wylst wy ús de kofje lekker smeitsje lieten, betsjinne hy de oare gasten. Nei it beteljen, frege er wat godstsjint wy hiene. In logyske fraach nei twa bakjes kofje, is't net sa? Mar hy hie der in doel mei. Doe't wy seine dat wy protestants kristlik wiene, frege er oft wy ek in âlde tsjerke yn ús doarp hiene. No, dêr koene wy wol ja op sizze. Hy joech ús doe in fleske selsmakke bier mei ûnder betingst dat wy in foto meitsje soene fan it fleske bier mei de tsjerke op de eftergrûn. Dy foto woe hy graach tasjoerd hawwe fia de mail. 'Jullie zijn de eerste Friezen die onze brouwerij bezoeken' sei er doe't wy fuortgiene. Fansels meitsje wy ynkoarten dy foto en dy kriget dizze sympatike brouwer út Roesbrugge. Dus sjogge jim ús mei in fleske bier op it tsjerkepaad, gjin noed, it is foar in goed doel.

Troch: Melle H. Leegstra

---

### Swimme mei dolfijnen?

Nee hear, se swimme leaver earne oars mei...


Op in moaie simmerdei nei ús prachtige fekânsje woe Tyme graach mei syn neef Chris te fiskjen. Dus de 'mannen' binne op it fytske nei it kanaal gien. No hie ik moai de tiid om de 'sleurhut' leech te heljen en fûn noch in lyts swimbadsje. It sintsje skynde, it wie hyt bûten, Silke en Ferre woene hjir fansels fuort wetter yn ha. Dus dat ding opblaze en hupsakee, wetter der yn! Leuk san lyts swimbadsje wat in wille! Yntusken wie ik wer fierder gien mei oprûmjien.

Ik fûn it al in skoftsje wat stil, faaks as bern stil binne, frette hja wat út. Eefkes om it hoekje sjen: de iene siet by de fiver en de oare ron troch it lân mei in skepnet yn'e hannen. Dus ik freegje: 'Wat ha jim bydein?' Silke: 'kikkerts fange!' Ferre: 'Wy haw al fjouwer mem!' Silke: 'Wy hawwe in moai nij plakje makke foar de kikkerts, sjoch mar yn it swimbad...'

Eefkes letter trof ik 'Jut en Jul' oan yn it swimbad mei in stik as sân kikkerts. Wat sieten se dêr moai, geweldich! Foardat Silke en Ferre op bêd giene ha se de kikkerts wer by de fiver frij litten. Bern bliid en kikkerts bliid!

In kear wat oars as oars: Swimme mei kikkerts..... prachtich dochs?!

Troch: Anneke Venema



## Vakantie in Jistrum

Troch: Hielke Peursum

**Een verhaal vertellen uit eigen ervaring is natuurlijk het mooist, maar tegenwoordig kun je ook prima een verhaal laten vertellen door het internet. Je kunt vragen wat je wil. Wij hebben aan Chat-GPT de volgende vraag gesteld: Vertel een verhaal over een vakantie in Jistrum. Dan krijgen we het volgende verhaal gepresenteerd.**

Jistrum, een klein dorpje in Friesland, is niet de eerste bestemming die in je gedachten opkomt als je denkt aan een vakantie, maar voor degene die het ontdekt, biedt het een bijzondere ervaring. Laat me je meenemen naar een zomer in Jistrum, waar de eenvoud van het platteland en de charme van een verborgen pareltje samenkomen.

Het is begin juli, en de zon schijnt overvloedig over het groene landschap van Friesland. Je arriveert in Jistrum, een schilderachtig dorpje met slechts een paar honderd inwoners. Het dorp ligt als een verborgen juweeltje tussen de uitgestrekte weilanden en de rustige meren die typisch zijn voor deze regio.

Je verblijf begint in een knusse boerderij die is omgebouwd tot een charmante Bed and Breakfast. De eigenaar, een vriendelijke vrouw genaamd Hilda, verwelkomt je met een warme glimlach en een zelfgebakken Friese suikerbrood. Terwijl je aan de tafel zit en de geurige koffie drinkt, kun je de rust van het platteland voelen. Het is een verademing na de drukte van de stad.

Elke ochtend begint met een ontbijt op het terras, waar je uitkijkt over de glooiende weilanden. Na het ontbijt besluit je de omgeving te verkennen. Hilda raadt je aan om een fiets te huren, zodat je de schilderachtige fietspaden rondom Jistrum kunt verkennen.

De eerste rit brengt je langs schilderachtige boerderijen en uitgestrekte weilanden vol met grazende koeien. Je fietst door het dorp, waar de huizen typisch Fries zijn: laag, met rieten daken en sierlijke houten gevels. De mensen zijn vriendelijk en begroeten je met een vrolijke "Hoi" of "Goedemorgen" terwijl je voorbij fietst.

Op een dag besluit je de lokale natuur te verkennen en maak je een wandeling door de nabijgelegen natuurgebieden. Je komt uit bij een klein meertje, omringd door riet en met een houten aanlegsteiger die uitnodigt om even te zitten en te genieten van de stilte. De lucht is gevuld met het gezang van vogels en het zachte geruis van het water.

In de namiddag breng je een bezoek aan de lokale boerderijwinkel, waar je verse groenten, ambachtelijke kazen en huisgemaakte jam kunt kopen. De eigenaar vertelt je over de traditionele Friese recepten en biedt je een proeverij aan van hun beroemde Friese nagelkaas. Het is een smaakexplosie die je nooit zult vergeten.

De avonden in Jistrum zijn bijzonder sfeervol. Je dineert in een klein restaurantje dat bekend staat om zijn heerlijke streekgerechten. Na het diner wandel je terug naar je accommodatie, genietend van de helder verlichte sterrenhemel die nergens anders zo helder lijkt.

Je vakantie in Jistrum is een perfecte mix van ontspanning en ontdekking. Het dorp biedt een moment van rust en een terugkeer naar de basis, ver weg van de drukte van alledag. Terwijl je de laatste ochtend door de tuin wandelt en afscheid neemt van Hilda, weet je dat je een bijzondere ervaring hebt gehad. Jistrum is misschien klein, maar het heeft je hart geraakt met zijn charme, rust en gastvrijheid.





# J. DOUMA

Voor verkoop van nieuwe en gebruikte:

- Motormaaiers (alle merken, ook Honda)
- Electromaaiers
- Bosmaaiers
- Hogedrukreinigers
- Stoomcleaners

Te huur:

- Verticuteermachine
- Hogedrukreiniger
- Veegmachine

Kunt u nog steeds terecht bij: **J. Douma**  
**Kooiweg 3, Jistrum**

Bel voor vrijblijvende informatie: **0512-471 398**



Martha van der Velde



info@martha.frl



06 4660 6187



www.martha.frl

Alle  
Daken  
Huisman  
Daken

Dak en zinkwerk

0646221720

Jistrum

Foar een wettertichte oplossing



**THEOMERKUS**  
NIEUWBOUW, VERBOUW & RENOVATIE

De Geasten 28  
9258 GE Jistrum

0629 415 974  
theomerkus@gmail.com

# HARRIE & Manja

WINKELCENTRUM DE ALDE DYK KOOTSTERTILLE





**Pedicure**  
**Trees Postma**  
 Ook gespecialiseerd in diabetische voet.

*U kunt niet langskomen?  
 Dan kom ik bij u thuis!*

Willem Lodewijkstrjitte 57  
 9288 BK Kootstertille  
 Tel. 0512-331003  
 of 06-10436321

**Praktijk Fysiotherapie**  
 (tillebuorren 24)

Behandeling op afspraak

**TAXICENTRALE WAAKSMA BV**  
 De Koaten 1 Kootstertille, Postbus 63 9288 ZH



**Ziekenvervoer**  
**Rolstoelvervoer**  
**Groepsvervoer**  
**Horecavervoer**  
**WVG-vervoer**  
**VIP-vervoer**  
**Schipholservice**

Kootstertille  
 Buitenpost  
 Surhuisterveen

**Vertrouwd en Vervoer**  


Kollum  
 Burgum  
 Dokkum

**(0512) 331333**      **WWW.WAAKSMA.NL**



**Rietdekkers & Timmerbedrijf**  
**Bate Batema**

-  Geplaatst door vakmensen
-  10 jaar garantie op ons riet
-  Inclusief onafhankelijk keuringsrapport

Kijkt u ook eens op onze mooie site [www.batebatema.nl](http://www.batebatema.nl)

Tillewei 6  
 9258 GN  
 Jistrum

W: [batebatema.nl](http://batebatema.nl)  
 E: [info@batebatema.nl](mailto:info@batebatema.nl)  
 T: 06 5131 5413





## Yn de Pen

Een rubriek waarin nieuwe Jistrumers zich voor stellen

Hoi!

Wy binne Jurryt Ros en Grietje Medenblik. Sinds november 2021 eigenaren fan De Meren 18 en nei 2,5 jier ferbouwen binne we dan no écht te plak en dêrby ynwenners fan Jistrum.

Hjir foar wennen wy beide nog thús. Jurryt op it Wyldpaed Oast yn Twizelerheide en Grietje op de Ymker-shof yn Kollumersweach. Jurryt is 29 jier en wurket by Wijnsma Kozijnen yn Drachten. Grietje is 27 jier en wurket by TIKO kinderopvang yn Bûtenpost.

We binne 12,5 jier by elkoar en wienen al een skoft op syk nei een moai plakje bûtenút. Toen seachen we dit plakje foarby kommen op Funda en it lieke ús een leuke útdaging om fan dat rommeltsje wat moais te meitsjen.

We sjoche werom op een leuke en gesellige klustiid en binne tankber foar alle hulp dy't we kriegten ha.

Neist it ferbouwen wie der net folle tiid oer foar feestjes, mar de feestwieke fan Jistrum '22 woenen we net misse en we fielden ús gelyk wolkom yn dit doarp.

We hoopje dat we nog lang genietsje meie fan dit moaie plakje.

Oant sjen!

Jurryt & Grietje



Bêste doarpsgenoaten,

Eind maart j.l. kregen we de sleutel van onze nieuwe woning, de voormalige pastorie aan de Schoolstraat 39. Echt ons droomhuis, authentiek, met karakter en veel historie. We hebben begrepen dat de woning al diverse bestemmingen heeft gehad, en dat het voor veel verschillende mensen een thuis is geweest.

Wij zijn resp. 63 en 62 jaar oud en hebben hiervoor 27 jaar in het kleine dorp Ammerstol in de Krimpenerwaard, Zuid-Holland gewoond.

We werken beiden in onze eigen VOF Carolus Bewind als beschermingsbewindvoerder. We werken voornamelijk vanuit huis, daarom konden we, ondanks dat onze klanten allemaal in Zuid-Holland wonen, toch deze stap naar het noorden nu al maken.

We hebben drie volwassen kinderen, die allemaal nog thuis woonden. Omdat geen van de kids mee wilden/konden verhuizen was het wel spannend voor ze, maar alle drie hebben ze nu een mooi plekje gevonden in zilverstad Schoonhoven.

Jan Willem was bij aankomst in Jistrum bijzonder aangenaam verrast dat hier de mooie muziekvereniging Joost Wiersma is en hij toetert nu al een paar weken mee met zijn trompet.

Voor Erna is Friesland een klein beetje thuiskomen, haar heit en mem binne in Hallum geboren en in 1961 naar Zuid-Holland vertrokken. Zij heeft dus nog veel familie hier in de regio.

Eén van de leuke aspecten aan verhuizen is dat er zoveel nieuws is te ontdekken. Nog steeds zien we dingen in het huis en ook vooral in de tuin die we nog niet eerder hebben gezien. Daar genieten we enorm

van. Ook bevalt ons hier de ruimte en de prachtige rustieke omgeving. Het is een genoegen om met de hondjes heel snel op een zandpad te belanden en tussen de schapen door de polder in te lopen. De vriendelijkheid en warme ontvangst van alle mensen waar we tot nu toe kennis mee hebben gemaakt doet ons deugd.

We willen heel graag de Friese taal leren spreken. Jan Willem heeft zich al ingeschreven voor een cursus! Graag dan ook bij een eventuele ontmoeting gewoon Fries tegen ons praten!

We hebben ondertussen al wat Friese woorden geleerd, soms makkelijk omdat ze lijken op de Nederlandse versie, maar soms zijn de woorden voor ons geheel onherkenbaar. Daarom vinden we het leuk dit stukje af te sluiten met een kleine quiz over het streek dialect van de Krimpenerwaard. Degene(n) met de meeste (of alle) goede of de meest originele antwoorden nodigen we van harte uit voor een bakkie!

Wat betekent:

De wurf kluiteren

Rugten

Biggel

Guns

Bloken

Ting van t durrup

Grozig

Verinneweren

Inzendingen in de brievenbus aan de lindeboom van de Schoolstraat 39.

Hartelijke groet, Jan Willen van Vlijmen en Erna Vlietstra

Der binne fan dy wurden yn 't Hollânsk, dy't foar betizing soargje. Kinst wol sizze: Ik krij der pineholle fan. En dat jildt bytiden wis foar 't wurd, dêr't ik it oer hawwe sil.

Dat is 't Hollânske wurd 'kater'! Setst dat oer yn 't Frysk, dan krijst as earste oersetting: 'n boarre. Spitigernôch kenne 'n hiel soad Friezen dit wurd net. Sy neame 'n 'kater' 'n kater. Eins witte se dan net, dat 'n 'kater' gjin kater is. Al binne der yn 't Hollânsk fansels ek katers, dy't gjin katers mear binne. Mar dat is de skuld fan 'e bistedokters.

No de echte oersetting: 'n kater is, as it 'n kat is, 'n boarre. Mar ast 'n kater hast, kinst pineholle krije. Mei oare wurden: Hast te djip yn 't gleske of fleske sjoen.

Troch: Jan van der Heide





Elke maand wordt er iemand uit Jistrum of Skûlenboarch tussen de 15 t/m 25 jaar aan de lezers voorgesteld.

## It Bokje van deze maand is **George Ricardo Briceag**

Adres: Langhof 5

Geboortedatum : 22 september 2011

Ouders : Cosmin en Monica

Broer/Zus : Broertje Lucas

Relatie? Zoja met wie en hoe lang? : Geen

Werksector : Geen

Hoogst genoten opleiding : Kader

Wat doe je het liefst in je vrije tijd aan hobby's en/of sport? :: Gamen en voetballen

Wat is de leukste hotspot in de buurt? Geen

Wat zou je in Jistrum graag georganiseerd willen zien? : paintball

Waar wil je nog eens heel graag naar toe op vakantie? Spanje

Waar kunnen we je voor wakker maken? Potje voetballen

Wat staat er op je bucketlist? Naar Madrtit

Waar ben je voor aan het sparen? niks

Wat is je favorite eten? Doner

Wat is je favorite dier? Poes

Wie of wat maakt jou gelukkig? Alles

Wie bombardeer jij tot het volgende bokje en waarom? : Gewoon

**Jorrit de Jong**





## Pieter en Fokelien Reitsma

Dwers troch de Noardlike Fryske Wâlden”

